



Dij Frisia

Tydskrift foar Fryske Striid en Literatuer

JIERGONG LXIII, nûmer 4

desimber 2014

ISSN 2352-8958



VOTE YES!

De kampanje foar in Skotsk 'Yes' ek op ynternet fierd

FOR INDEPENDENCE!

ROCKERCHILD

IENSUM

*Sa't er dêr stie, in jonge noch,
De soan dy't ik net hie?
Hy seach my oan, de honger fan in dier.
Ien tel fan warleas wifkjen.
Ik sloech de eagen del en tocht deroan
Hoe't ik him treaste koe.
Him of mysels?*

*Wy soene frjemden bliuwe,
ek as wy hûd oan hûd bekenne soene,
dat hjoed net telde, alles mooglik wie.
Nei fûnkenrein fan waansin en begearte,
hy freegjende wat er misdie,
ik sykjend om syn heit.*

Sykje de heiten. Dit fers is út de bondel 'By ljochtskynde', út 1989; earder kaam út 'Noch ien slach om 'e buorren', 1980, dat sels yn 1982 wêr printe waard. Yn 1984 folge 'It blau fan de hortinsje', yn 1987 'Heech gers'.

Fersen fan Baukje Wytsma (1946) bin ik nea tsjinkommen. Frjemd fansels, ûnbewitten spile miskien in rol dat by blauwe hortinsjes, nei myn betinken nochal bretale blommen, my altiten har namme yn it sin komt. De fersen ferriede yn har op it each ienfâldige wurden in eigensoartige suverens en simpelens, wat geheimsinnichs ek.

It omkaft skriuwt, de dichteres 'brûkt de magy fan it wurd as tsjoenkrêft om de tiid te bemasterjen en it wêzen fan alles wat streamt en feroaret te beswarren'. Nochal bombastyske taal, min passend by krekt dizze fersen. Se dichtet net oer de natoer, net oer de leafde. Alhoewol, by it 'hûd oan hûd bekenne' soe men it suver tinke kinne, mar it is ferhoalen, ferburgen, by metafoar sa't it hjit en dêrom dichterliker. Wat yn dit fers te sykjen en freegjen jout, binne de wurden 'de soan dy't ik net hie' en, net minder, de lêste rigel 'ik sykjend om syn heit'. Twa siden fierder komt it tema nochris, yn it fers dat 'Trest' hjit en einiget mei, 'dyn oare heit'.

Wat wol de dichteres dêrmei sizze?

g.a.

Yn dit nûmer û.o. in ferslach fan de reis nei Skotlân en it referindum fan Kerst Huisman. It waard dêr in *nee*, wat hie it hjir wurden? Bertus Postma waard fan de *Ried fan de Fryske Beweging* frege syn polysjedossier nei de minister ta te stjoeren. Benijd wat dy derfan makket as de Friezen net allinnich yn teory, mar ek yn de praktyk de rjochten en kânsen hawwe wolle dêr't de lêste jierren romte en wet foar befochten is.

En der is jitte folle mear: twa bydragen fan Sytze Hiemstra, it nijste stikje út de rige fan Rommert Tjeerdsma en fan Cor Jousma in artikel oer de Frysktalige Wikipedia.

De haadsamler

By de foarside:

De kampanje foar in Skotsk 'Yes' waard op alle media fierd. Dit is in fotomontaazje, dy't koarte tiid foar it referindum op it ynternet ferskynde.



Snipers

Wat bliuwt foar it Frysk oer?

Wat bliuwt foar it Frysk oer? It Frysk as wittenskipstaal. Men kin der in moai ferhaal fan hâlde, yn de lingte en breedte, ferkundigje dat it oeral goed foar is en ta alles tsjinnet, yn de praktyk binne de mooglikheden sa grut net. Wolle wy dy wol? Fansels, by it grutte tal aktiviteiten mei lju fan bûten Fryslân is de fiertaal net-Frysk. Tink ris yn dat ien of twa fan de oanwêzigen gjin Frysk fersteane, dan bûge alle oaren. Sa fansels? Wa is no dwers? Wol of kin de Hollanner wier gjin Frysk ferstean? En sa ja, is it sa slim dat ien of twa wat misse? Ik mis sa folle ... Men kin de lju der ek op taredede. It moat al raar rinne as ien dêrom net meidwaan wol. Wy binne faak bang foar eigen skaad, oaren tinke rommer as wysels. Of wólle wy ek net? Wat de twa mânske gemeenteskiednissen fan ûnderskreaune, skreaun yn it Frysk, oan befoardering en promoasje fan de Fryske Akademy meikrigen hawwe, is benaud, ntl. neat. 'As dit oan it griene hout bart, wat dan oan it toarre?', ropt de profeet. Yn pleats fan krekt mear omtinken as oars, wurdt it – neat. Sels foar in rûnreis yn de regio Gaasterlân twa jier ferlyn (dêr't it oer giet), waard in gids oanret dy't der neat fanôf wist, der net iens oan rûkt hie. In bewyske selsrespekt, achting foar ús taal, miskien in nustje grutskens, soe doch net misstean. Der is neat makliker as radikalens. Dat hat my altiten tsjinstien. Alles wat hjir yn it taaloptreden bepleite wurdt, hat dêr neat mei te krijen. It giet om yn alle reedlikheid op te kommen foar wat wy oerlevere krigen hawwe en ta ússels beheart. Om fatsoen tsjinoer ús taalsitewaasje. Frjemd hat dêr gauris mear each foar as wysels. 'Kleinzielig'. In goed eigen Frysk wurd hawwe wy dêr winliken net foar of it soe al as *klienherlich* of *nearzich* omskreaun wurde moatte. Dat sil wol wêze om't dejingen dy't mei dy eigenskip oanklaud sitte, net besteane yn Fryslân. Mar yn de hâlding tsjinoer de eigen taal en – soms – de wurken deryn skreaun, wit ik dat sa gau net.

g. abma

Ús eigen Taal (17)

Taalferdraggen foar taalminderheden moatte neilibbe wurde!

De *Europeeske Uny* docht te min oan it neilibjen fan taalferdraggen dy't minsken mei in minderheidstaal rjochten jouwe. In net sa noflikke konstatearring fan Gabor Landman, foarsitter fan de stifting *European Language Rights* en oersetter Hongaarsk.¹

As ik dat yn myn *NRC* fan 19/20 april 2014 lês, sitte wy middenyn de konflikten om de Oekraïne hinne. Yn dat lân en it oanswettende Moldavië en Roemenië draaie de strideraasjes foar in grut part om minderheden fan wa't de eigen taal al of net erkend wurdt. In probleem dat wy yn Fryslân, it lân fan de Friezen, mar al te goed kend hawwe en foar in grut part noch kenne. Sadwaande kinne wy mooglik mear as oaren yn Nederlân begryp opbringe foar wat him dêr ôfspilet. Bygeliks foar de grutte Russyske minderheid yn Letlân, in steat dy't lid is fan de Europeeske Uny (EU) en de NAFO, en dy't ek noch altiten rjocht fan kleien hat oer it plak dat harren taal taskikt wurdt yn dat lân. Reden foar my om deselde deis de pinne te gripen en dit stikje foar *Nij Frisia*, ús blêd foar stege (taal)striders, te skriuwen.

Landman syn bydrage hat as titel

¹Gabor Landman wennet yn Tordaszentlaszló Transsylvanië (Roemenië); syn artikel stiet yn de *NRC*, 19/20 april 2014; O&D2. Klik ek ris op: www.hungarian-human-rights.eu. Myn eigen bydrage foar dizze *Nij Frisia* haw ik op 21 april 2014 skreaun. Ik bin der tige benijd nei hoe't dizze taalkonflikten op in rjochtfearde wize oplost wurde sille en oft de EU taalrjochten yn EU-lannen ek effektyf *ôftwingje* wol.



Sytze T.
Hiemstra

‘Ernstig als Russen geen Russisch mogen spreken’. De earste hanneling fan it Oekraynske parlemint nei de Maidan-revolúsje bestie ommers út in feroaring fan de Oekraynske taalwet, dy't de taalrjochten fan etnyske Russen, mar ek fan Hongaarsktalige en Roemeensktalige Oekraïners beheinde. Earder mochten dy harren taal prate as 10 prosint fan de ynwenners fan it gebiet etnysk Russysk-, Hongaarsk- of Roemeensktalich wie, doe waard dat ferhege nei 50 prosint. Dat frege út soarte om swierrichheden. It ferhaal is bekend. Ruslân anneksearre dêrnei de Krim en it antwurd kaam al rillegau. De earste hanneling fan it nije parlemint fan de Krim wie it opstellen fan in grûnwet dy't ûnder mear fêstleit dat de Krim trije offisjele talen hat: Russysk, Oekraynsk en Krimtartaarsk. Sa legitimearre(t) Ruslân him mei it beskermjen fan de minskerjochten fan de Russysktalige ynwenners.

Deselde deis waard op in oare side fan de krante (*NRCWEEKEND*, s. 5) in analyze jûn fan de kriminalisearring fan de East-Oekraïners yn in artikel mei de kop ‘Opeens zijn wij criminelen’. Doe't de Sovjet-Uny yn 1991 útinoar foel en Oekraïne selsstannich waard, ûntstie in lân mei in grutte Russyske minderheid binnen syn grinzen. Sa'n 20 prosint fan de 44 miljoen Oekraynske steatsboargers is fan Russyske komôf. Westlik fan Kiev prate de lju Oekraynsk en sjogge se nei West-Jeropa. Yn it ‘Easten’ is Russysk yn gâns kontreien de fiertaal en sjogge de yn-

wenners benammen nei Moskou.²

Mar lang net alleman. Foar Irina (soe dat 'frede' betsjutte?), dy't de besetters fan in gemeentehûs helpt mei it oanslepen fan autobannen foar in wei-ôfsettings, is in oansluting by Ruslân net nedich.³ Se wol twa dingen: in *referindum* en *erkenning* fan it Russysk. De dei nei it ôfsetten fan presidint Janoekovitsj stimde it Oekraynske parlemint tsjin de wet dy't it Russysk ta offisjele oerheidstaal ferheffe soe. Dy beslissing hat djippe wûnen slein yn it Easten en wie foar mannichien it definitive bewiis dat Kiev de Russyske befolking as twadderangsboargers beskôge.

Út Roemenië wei waarden bedrigings utere yn de rjochting fan de Russysktalige Moldaviërs. Sa hie premier Basescu yn de Roemeenske parse noch iepentlik praat oer it foarmjen fan in grut Roemeensk ryk troch de eardere Sovjetrepublyk Moldavië te anneksearjen. Dat hie lulke reaksjes jûn yn de Republyk Moldavië (*Republica Moldova*). Yn dat grut Roemeenske ryk soene de Russysktalige Moldaviërs noch gjin 1 prosint fan de befolking wêze, wylst se yn harren eigen ôffallige minystateasje Transnistrië (*Republica Moldovenească Nistreană*, d.w.s. de Pridnestrovyske Moldavyske Republyk) goed 30 prosint fan de befolking útmeitsje. Op 18 septimber 2006 waard in referindum ûnder de befolking holden oer ûnôfhinklikens en in plan om op 'en doer ta oansluting by Ruslân te kommen. Neffens de kieskommisje stimde 97,1% dêrfoar. It referindum waard as yllegaal beskôge troch westerske lannen en Moldavië.

Ek taal minderheden as de Gaugazen, hawwe goede reden om benued te wêzen foar de feriening fan Moldavië mei Roemenië. Mei Gaugazië yn it suden waard yn de rin fan de tiid lykwols wól in akkoart sletten. It krige in autonome status yn de ûnderwilens foarme Moldavyske Republyk.

Oekraïne en Moldavië binne buurlannen en binne lykas Roemenië steatkundich meartalige steaten. Yn alle trije libje grutte taal minderheden, wêrby't it gebiet dêr't dy minderheidstaal yn praat wurdt, him net beheint ta de lânsgrinzen. Foar de Russyskpratende Moldaviërs is it neffens Landman 'een nachtmerrie om opeens wakker te worden in een nieuwe natiestaat van de Europese Unie, waarvan de buitengrens ze afscheidt van hun taalgebied

²Steven Derix, 'Opeens zijn wij criminelen', *NRCWEEKEND*, 19/20 april 2014, s. 4-5.

³*Ibid.*, s. 5.

en waar ze opeens in een administratieve indeling terecht komen, als absolute minderheid en speelbal van nationalistische en chauvinistische politiek'.

Taalrjochten spylje dêrom in krúsjale rolle yn dat konflikt. Nei it etnyske esjek fan Joegoslavië wiene taalrjochten krekt in betingst foar de Jeropeeske yntegraasje fan de eardere Sovjetsatellytsteaten lykas Roemenië. De troch Roemenië ratifisearre ferdraggen, lykas it yn 1996 yn Straatsboarch ta stân kommen *Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden*, garandearje it frij brûke kinnen fan de autochtoane (Landman brûkt yn de NRC it begryp 'autonome') talen lykas it Hongaarsk yn Roemenië. It *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* omfettet noch mear bepalings dy't it brûken fan de minderheidstaal befoarderje. Lykas bekend hat Nederlân dy ferdraggen foar syn iennichste *nasjonale minderheid* (de *Friezen*; yn it *Ramtferdrach*) en foar syn iennichste minderheidstaal (it *Frysk*; yn diel III fan it *Hânfêst*), ratifisearre. Foar ús dus.

Op papier liket it hiel wat as men nei de rjochten foar de Hongaren en de Friezen sjocht. It Hongaarsk is as nasjonale minderheidstaal yn Roemenië in offisjele taal foar bestjoersienheden dêr't de befolking 20 prosint etnysk Hongaarsk fan is. Dat rjocht leit ferankere yn kêst 120 fan de Roemeenske grûnwet. De praktyk blykt hiel oars te wêzen. Dan kin de taal net iens frij brûkt wurde yn gebieten dêr't Hongaarsktaligen 97 prosint fan de befolking útmeitsje. Sa waard Landman yn de Roemeenske stêd Tîrgu Mures/Marosvásárhely – dêr't de helte fan de befolking Hongaarsktalich is – troch de polysje mishannele, omdat er de 'offisjele' Hongaarske taal brûkte. Syn rjochtsaak tsjin de polysje rint noch altiten.

De befolking fan it hjoeddeiske Roemenië bestiet foar hast 7 prosint út Hongaarsktaligen, mei syn goed 1,2 miljoen sielen yn tal grutter as de lytste steaten fan de Europeeske Uny, bygelyks Estlân of Malta. Nettsjinsteande dat wurde harren taalrjochten systematysk en struktureel skeind troch it Roemeenske regear. Hongaarsktalige Roemenen binne yn de praktyk oant hjoed-de-dei twadderangsboargers yn harren eigen bertelân, it lân dêr't de grêven fan harren foarâlden lizze. Se binne sterk ûnderfertsjintwurdige yn it bestjoer, by de polysje en de amtlike tsjinsten. It neilibjen fan de oanslutingsbetingsten foar de Europeeske Uny waard en wurdt nét troch Brussel ôftwongen. Sadwaande eangje de

Russysktalige ynwenners fan Moldavië en Oekraïne mei rjocht it oankrûpen fan de Europeeske Uny, omdat it buorlân Roemenië alle Europeeske ferdraggen dy't it ûndertekene hat, nét neilibbet.

Al yn 2012 hie de stifting *European Language Rights* troch syn rapport *Gebroken Beloften* it Nederlânske regear warskôge dat it net neikommen fan de Europeeske taalferdraggen troch Roemenië de Nederlânske rjochtsoarder skea die en dat soks in flotte yntegraasje fan East-Jeropa yn de Europeeske Uny behinderet. In ferliking mei it (ek) noch lang net foldwaande neikommen fan it *Ramtferdrach* en it *Europeesk Hânfêst* troch it Nederlânske regear as it om de Friezen en it Frysk giet, kin men lykwols likemin út 'e wei gean. De Haachske oerheid hat sels bûter op 'e holle. Jitte in hiele lading!

Landman konkludearret mei rjocht en reden dat de Europeeske Uny gjin inkeld moreel rjocht fan praten hat yn de Oekraynske krisis, salang't dy sels net by steat is en *twing* it neilibjen fan de boppe- neamde ferdraggen ôf. Ommers, dy wiene krekt in betingst foar de oansluting by de EU ...

Grinskorreksjes?

No't it safier kommen is dat der yn East-Oekraïne in konflikt oer grinzen ûntstien is, komt jin mooglik ek in soartgelikens skeel tusken Prusen en Denemark yn it sin. Denemark hie in grut part fan Súd-Jutlân ferlern nei in konflikt mei Prusen. Dat part waard yn 1866 troch Prusen anneksearre. Nei de Earste Wrâldoarloch waarden fredesûnderhannelings holden yn Parys wêrby't ek grinskorreksjes op it algemint komme soene. Denemark waard útnoege. It lân hie der alle belang by om de Dútske ekspânsje yn noardlike rjochting ûngedien te meitsjen. De Denen wiene lykwols eventueel ree om it Holsteinske gebiet yn it suden op te jaan. Dêrom waard der besletten om it gebiet dêr't om striden waard, yn trije parten te ferdielen en yn elts part in referindum te hâlden ûnder ynternasjonaal tafersjoch. Yn de noardlike sône waard foar oansluting by Denemark stimd en de twa súdlike sônen (mei Noard-Fryslân) waarden Dútsk. Dat krige net op slach en stuit syn gerak. De Dútsk-oriïntearre lju en de Deensksinnigen mochten earst propaganda meitsje foar harren stânpunten. Sels it needjild fan dy dagen waard mei biedwurden beprinte. Better net te witten is der gjin geweld oan te pas kommen. Soe it ek net in gaadlik model foar de East-Oekraïne wêze?

Skotten en Friezen: ferskillen en oerienkomsten

De stikjes fan Piter de Groot yn syn freedsrubryk 'Dwers' yn de Ljouwerter Krante mei ik ornaris graach lêze. Hy lit dêryn sjen dat er de Fryske saken goed folget en hy jout ek meastentiids wol nijsgjirrich kommentaar. Minder goed ynformearre fyn ik him, as er te sprekken komt oer Skotlân en Wales. It wie my al ris faker opfallen, mar hy liket te tinken dat Welshmen en Skotten folle grutsker op har lân binne as Friezen. Nee, sa liet De Groot op freed 26 septimber (2014) yn de Ljouwerter witte, by ús leit it hiel oars.



Kerst Huisman

Hy skreau doe: "Sa gau't de Friezen har foarstean litte op harren aparte status binnen it keninkryk, is it smeulske praat nea fier fuort. Dat hearre en lêze jo net allinnich bûten, mar ek yn Fryslân – gjin folk dat sa mei himsels oerheap leit as de Friezen, fan in folk is dan ek gjin sprake, it is in grienmank fan haw ik jo dêr. Grutsk as de Skotten of Katalanen? Forget it."

No haw ik yn septimber as lid fan de FNP-delegaasje mei nei it referindum yn Skotlân west. Mar fan



Alec Salmond, de man dy't Skotlân sawat ûnôfhinklik makke.

dy grutskens haw ik net folle merkbite kind. En ek net, dat de lju polityk sa ienriedich binne. Dat hie ik earder ek al yn Wales fêststelle kind. Sa grutsk en fanatyk binne de lju dêr ek net. Lit stean ienriedich. Ik tink dat der yn Fryslân wat oars spilet.

Ús delegaasje, dy't nei Edinburgh reizge, waard op de referendumdei opdield yn groepkes fan twa. Eltse groep gyng nei in oar stimburo, om dêr minsken dy't as se stimd hienen, te befreegjen oer harren kar en motiven om 'Ja' of 'Nee' te stimmen. Dat wie in hiele nijsgjirrige eksersysje, foaral omdat guon de tiid namen om wiidweidich op harren motiven yn te gean.

Referendum

De motiven foar it 'Ja' wienen hast yn gjinien fan de gefallen útsprutsen grutsk en nasjonalistysk, mar foar it meastepart dúdlik polityk-sosjaal. Der hong op dy dei ek in sfear fan fleurige spanning oer it gehiel. Eltsenien frege him fansels ôf: Soe it 'Ja' it helje? Dat helle it, sa witte wy no, krekt nét, mar de eufory wie der net minder om. In pear miljoen

minsken hienen foar de ûnôfhinklikheid stimd en dat hie oant yn Washington yndruk makke.

Fraachstikken fan autonomy en ûnôfhinklikens wurde yn Fryslân altiten fuortdalik ferbûn mei taal en kultuer. Dat is ek in wichtige reden, wêrom't it by frijwat Friezen net sa oansprekt. Dy sjogge taal en kultuer as saken dy't net bot bedrige wurde. De redenearring is dan: wy binne ommers frij om ús taal yn eigen rûnten te brûken. It wol eins net yn de measte minsken del, dat taal en kultuer wol deeglik bedrige wurde. En as dat al it gefal is, dan wurdt de bedriging fuortrasjonalisearre troch te wizen op ferskynsels as 'globalisearring' en 'de natuerlike gong fan saken'. It liket ek hiel swier om dêr trochhinne te brekken. Boppedat, is dan de redenearring, kinne jo fan taal en kultuer allinnich net libje. Dat dêr yn de Fryske beweging dochs wolris wat wrâldfrjemd mei omgien is, stiet ek fêst. Rindert Straatsma, in wichtich man yn de beweging, hat ris yn it blêd *Frysk en Frij* skreaun, dat de Friezen wol tefreden wêze koenen mei minder lean en ynkommen, as dan mar de kulturele autonomy binnen helle waard. Mei sokke opfettings winne jo it echt net. Mar nettsjinsteande dat docht dochs faken by enkêten bliken dat it autonomytinken ûnder de Friezen net dea is. En dat wiist derop, dat dêr dochs yn de Fryske mienskip, oars as De Groot liket te tinken, in basis foar leit.

Krekt om dy oertinkings liek my, doe't ik derfan hearde, in reis nei it referendum yn Skotlân fan grut belang. De wize hoe't der hjir yn Fryslân mei omgien wurdt, is oars as dy yn Skotlân en Wales, dêr hat Piter de Groot wol gelyk oan. Mar tagelyk binne der grutte oerienkomsten tusken Fryslân en Skotlân. Skotten hawwe hiel lang, sa skriuwt de politike kommentator Iain Macwhirter yn syn boek *Road to Referendum* (2013) harren grutskens en nasjonalisme belibbe troch harsels as weardefolle ûnderdienen fan it Britske ympearium te sjen. Se setten har der foar de folle hûndert persint foar yn en waarden dêrom ek tige wurdearre. Skotlân wie diel fan de Britske kultuer en de Britske identiteit. Hjir leit ek in sterke oerienkomst mei de Fryske grutskens: dat is de persepsje, dat Friezen loyaal diel hawwe oan it yn har eagen sa tolerante Nederlân, dat, sa tinke se, mei syn ynstellings oan de basis stien hat fan de Feriene Steaten fan Noard-Amearika, de morele naasje, dy't it bêste foar hat mei de wrâld. Dat gou yn de koloniale tiid, dat jildt, hoewol't it byld al oan it kanteljen is, noch foar in part.

In eigen ûnôfhinklik parlemint

Dat Skotlân no dochts in hiele oare kant út gien is, mei mooglik dochts op 'en doer ûnôfhinklikens, komt net sasear omdat de Skotten, lykas Piter de Groot hawwe wol, in ienriedich folk foarmje. Sels by de noch net lang lyn frij marzjinale *Scottish National Party* fochten se elkoar somtiden by wize fan sprekken de tinte út. Dat hie te krijen mei ferskillen fan polityk ynsjoch. Yn it feroaringsproses, dat de partij ûndergien hat, hat ien man in almeugend grutte rol spile: de no ôfgiene polityk lieder Alec Salmond. Mar ek hy waard om 1980 hinne út de partij smiten, omdat er in republikeinske aksjegroep yn de SNP oanfierde. De measte SNP-leden wienen doe wól foar it hûs Windsor. Salmond kaam lykwols werom en it is benammen oan syn retoarysk talint te tankjen, dat er súkses krige mei it ferhaal dêr't er by it begjin fan syn politike karriêre yn 1972 mei úteinset is en altiten oan fêsthouden hat: Skotlân moast syn ûnôfhinklik parlemint werom hawwe. Syn koerts dêrhinne wie polityk net sa fêst; dy feroare fan in marksistyske sjenswize yn it begjin nei neoliberale opfettings yn de ôfrûne tsien jier.

Mar it late der wol ta, dat hieltiten mear Skotten wat begûnen te sjen yn in eigen parlemint. Dat hie fansels ek omraak te krijen mei de ôfbraakpolityk fan Margaret Thatcher. Skotlân ferlear dêrtroch nochal wat yndustry. Skotlân, dat lang tradisjoneel stimd hie, skode stadichoan op yn de rjochting fan Labour. Mar de sosjaal-demokraten ferlearen hieltiten mear oan ynfloed en de SNP naam, troch ôfstân te nimmen fan folkloare en eksklusyf nasjonalisme, eins it plak fan Labour yn. De Tories hienen al earder, troch de ôfbraak fan sosjale foarsjennings, it iene nei it oare Skotske bolwurk priisjaan moatten. No't Salmond him weromlutsen hat nei de teloarstellende útslach fan it referindum (wat net ynhâldt dat er net weromkomme kin), falt net te ferwachtsjen dat de SNP wer minder 'read' wurde sil. Salmonds opfolchster, Nicola Sturgeon, stiet bekend om har foarkar foar in sterke sosjale polityk.

Der komt ek noch by, dat de SNP fan de oprjochting ôf in sterke foarkar foar pasifistyske oplossings foarstien hat. Dat wie ek te merkbiten by de reaksjes op de referindumdei. Frijwat minsken hienen foar ûnôfhinklikens stimd fanwegen de oanwêzigens yn de Clydebocht by Glasgow fan de Britske dûkboaten mei Trident-raketten, dy't

rûnom yn Europa atoombommen delkomme litte kinne.



Nicola Sturgeon, de nije SNP-liedster.

De SNP en de FNP

It sil ek dúdlik wêze, dat de FNP noch net ta is oan dit soarte fan polityk, hoewol't dêryn neffens my krekt in trochbraak lizze kin. Mar nei de media ta wienen de wurdferders fan ús delegaasje nei Skotlân dan ek o sa hoeden. Miskien krekt dêrom klonk hjir en dêr erchtinkendheid troch yn skôgings en artikels. Ger Groot, de húsfilosoof fan it deiblêd *Trouw*, koe it net neilitte om op 23 septimber (2014) op te merken: "Ook in het streven naar 'steeds kleiner' is behoedzaamheid een mooie deugd. Toch heeft het separatistische virus Europa momenteel stevig in de greep. Nee, niet in Nederland, zo verklaarde de Fryske Nasjonale Partij haastig, al vraag je je af waarom er dan wel een delegatie naar Schotland moest." Dat wie, moat ik sizze, dochts wol in rake waarnimming.

Kerst Huisman is (âld-)sjoernalist en histoarikus



Bestjoer en meiwurkers winskje dizze bewegers, ús leden en lêzers in sîn en striidber 2015 ta.

De takomst fan it betinken

Wolter Jetten

De betinking Slach by Warns moat en sil oars. Dat kinne wy lêze yn krantestikken en yn reaksjes op nijs siden. Abe de Vries die ferline jier by de Ried fan de Fryske Beweging te witten dat de betinking aktueler wurde moat, mei minder polityk en mear kultuer. Wat binne no eins de sterke punten fan de betinking en wat kin better?

Foarst begjinne wy mei de goede punten. De betinking wurdt holden yn de neisimmer en yn 't wykein. Troch dy kombinaasje kinne en wolle in protte minsken derby wêze. It Reaklif is ek in prachtige lokaasje om te betinken. Dichters en skriuwers ferhelje graach fan it mytyske plak dat as in grutte pûst boppe see en lân útsteekt. Yn de neisimmer, mei fansels it sintsje derby, is it Gaasterlân in skitterjend stikje Fryslân om trochhinne te riden. It is krekt in mearke mei al dy heuveltsjes mei greiden en beammen en oar gewaaks. Fierwei it grutste part fan de huzen en pleatsen is prachtich boud en ûnderholden. Oan 'e dyk besykje minsken farske itensprodukten te ferkeapjen mei in jildpotsje derneist. Foar in protte minsken is it Gaasterlân mei syn natoer en ieuwenâlde kultuer dochs wol in idillysk plak. De measte minsken hawwe gjin swierrichheden mei de reisôfstân, ek al leit in eintsje fan de grutte autodyk ôf.

It doel fan de betinking wurdt op de webside fan de *Stifting Slach by Warns* net eksplisyt neamd. Wol wurdt dúdlik dat de Fryske bewegers yn de tweintichste ieu nei in symbolysk plak sochten om omtinken ta jaan oan it striben nei de lykberjochting fan harren taal en kultuer. It betinken fan de lykberjochting fan taal en kultuer wurdt de lêste tsien jier sûnder mis sawat op deselde wize dien, want salang kom ik der al. En foar dy tiid hat it nefens de ferhalen net folle oars west. Foar de dúdlikens: de betinking fan 2014 bestie út trije kear sjongen, twa sprekkers, twa kear in optreden fan it sjongkoar, ien foardroegen dichtwurk en ien jonge artyst mei muzyk dêr't de minsken wat lossen fan waarden. Reade trie troch it ferhaal hinne wie de organisaasje dy't aloan wer oanjoech dat de trochsneed âldens sa heech wie.

Wat wie top en wat fertsjinnet in tip?! De jonge sjonger Bruno Rummler krige sûnder mis it lûdste applaus fan it publyk. Syn muzyk spriek minsken oan en ik tink dat in protte oare minsken, dy't der no net by wienen, syn muzyk ek wol wurdearje kinne. Sa'n type artyst soe men takom jier dus wer freegje kinne. Foar it sjongkoar koe net ien de hannen op elkoar krije. Dat is gjin ferwyrt, inkeld in observaasje. In foardracht út in boek of dichtwurk docht it ek altyd wol goed, as it mar net te lang duorret en dat is Albert Postma treflik slagge. By it sjongen seach ik dat dit jier de measte minsken ek net sûnder boekje koenen. Ik krige ek net echt de yndruk dat de minsken it meïnoar sjongen no sa geweldich fûnen. Oer de ferhalen fan de sprekkers wol ik myn miening hjir net jaan, ynhâldlik doocht it wat se sizze en ik fyn it prachtich dat se der de tiid foar nimme, mar oft de besikers dy sprekkers no altyd sa geweldich fine? Dêr kin wol wat oer sein wurde.

De sprekkers op it Reaklif binne poerbêste minsken dy't it hert op it goede plak hawwe. Hja komme dochs mar yn it wykein om, meastal út en oer harren eigen funksje, wat te fertellen. Foar potinsjele besikers en in protte oanwêzigen is dat wol in stroffelstien. De troch my faakst hearde arguminten om net te gean wienen dy lange lêzingen en poepsaie referaten. Abe de Vries beskriuwt de betinking as in ritueel en apartichheid foar in geheim bûn fan Friezen. Foar fêste besikers sil dat net sa field wurde, mar de stifting wol graach ek fierder sjen as dy groep fêste besikers. Abe de Vries stelt yn syn ferhaal út dat de betinking mear kultureel as polityk wêze moat. Ik tink ek dat men dy kant útgean moat as men dochs in bredere groep minsken oansprekke wol. It is fansels de keunst om swiere tema's licht te ferpakken. Dat betsjut dat it doel fan de betinking net hoecht te feroarjen, mar de foarm al.

Útstellen

Lang om let wol ik dan ek wol mei konkrete útstellen komme. Minimaal ien jonge artyst mei moderne oansprekkende muzyk, alsa foar jong en âld, moat der grif by wêze. Dêrneist net mear as ien kear sjon-

gen, want oars hear ik de jongerein de betinking wer assosjearjen mei in tsjerketsjinst. Foar de hân leit dan *De âlde Friezen*, want dat liet is rûnom bekend en hat in plak yn de herten fan de minsken. Ynstee fan de twa lêzings soe men ek alle jierren in Fryske organisaasje noegje kinne om reklame foar himsels te meitsjen, of foar in beskaat doel as projekt, en de minsken de mooglikheid te jaan om har nei de tiid as frijwilliger/lid/stiper oan te melden. Freegje stifting *Tsjil* om in diske del te setten mei Frysktalige boeken. Doch der ek in *poetry slam* (soarte fan dichtwedstryd) by. Dan soe der jit in *reenactment* holden wurde kinne en in Frysk skriuwer soe men freegje kinne om in lyts stikje foar te lêzen út syn/har nijste boek.

My tinkt dat in seleksje út de niis neamde útstellen it program wol wat luchtiger meitsje kin. Eventueel kin men noch mear aktivearjende eleminten oan it program taheakje, mar lit ús earst beslute dat de âlde ûnderdielen (trije kear sjongen, sjongkoaren, lêzings) net weromkomme yn it program. Dat betsjut net dat it betinkingselemint hielendal weiwurde moat. Dêr kin men krekt wol wat moaiers fan meitsje. It hisen en striken fan de flagge mei it hoarnsinjaal is prima, mar it is de minsken in stikel yn 'e foet dat dy dêrnei rommelich yn 'e waskkoer bedarret. Lit efkes mei seis minsken de flagge kreas in pear kear dûbelslaan: (1) Ien kear oer de lingte dûbel, (2) dan yn trijehoeksfoarm opteare, en (3) it lêste stik dat oerbliuwt, ynskowe yn it flaggepakkeasje. Doch it goed of doch it net! Fierders soe de minút stilte ek wol in *momint* fan stilte wurde kinne. En dan om in wat minder swiere en dochs mear doeltreffende reden.

Neffens my stekt it boppesteande net al te revolusjonêr yn elkoar en is it goed út te fieren foar de *Stifting Slach by Warns*. It freget net om mear mankrêft as no en it freget ek net om mear finansjele middels.

It program foar 2014 soe der dan sa útsjen kinne:

1. Hoarnsinjaal en hisen fan de Fryske flagge.
2. Wolkomstwurde en momint fan stilte (20 sekonden) ta bewustwurding fan de minsken dy't har ynsette foar de rjochten fan minderheden.
3. Fryske organisaasje stelt himsels foar en freget minsken om lid/stiper/frijwilliger te wurden.
4. Muzyk fan jonge artyst/band (leafst akoestysk).
5. Foarlêzen troch skriuwer út boek (gjin dichtwurk).

Skoft en kollekte

6. Poetry slam (dichtwedstryd) mei oanslutend priisútrikking.
7. Muzyk fan twadde jonge artyst/band (leafst akoestysk).
8. Demonstraasje Fryske striders út de Midsieuwen.
9. Sjongen: *Frysk folksliet* of *It Heitelân* (net mear as ien!).
10. Hoarnsinjaal en striken fan de flagge.

Om der echt wat aardichs fan te meitsjen, soe men fannijs de *RfdFB* freegje kinne en kom mei in diske. Ik tink dat de stifting *Tsjil* ek wol mei in diske op it Reaklif stean wol. Dêrneist soe der ek bearenburch yn lytse plestik gleskes rûnparte wurde moatte. Soks kostet net in protte, mar jout wol in protte wille. De betinking bestiet lykwols net allinnich út de middei op it klif. It klif soe neffens my it boartlike plak wurde moatte dêr't ferdivedaasje en kultuer sintraal steane. Kultuer op it *Reaklif*, polityk yn *De Spyllder ...*

Nei it program op it Reaklif komt it neipetear. It neipetear soe it politike part fan de middei wurde kinne. Foar de politike middei soe men in iepen poadium meitsje kinne dêr't minsken har ideeën openearje kinne. Eltsenien mei nei foarren komme as hy/sy dat wol en sa kinne nije ideeën en inisjativen ûntstean. Nije punten foar it takommende jier (op kultureel mêd) of politike boadskippen soenen dêr eventueel dan oan 'e oarder steld wurde kinne. Serieuze saken as bestjoerlike selsstannigens, identiteit en taalstriid hearre wat my oanbelanget by de betinking fan de *Slach by Warns*. Faaks kriget it neipetear yn *De Spyllder* sa ek net mear it karakter fan neipetear, mar sil it folle mear it *twadde* diel fan de betinking wurde.

De *Stifting Slach by Warns* is neffens my al wol op de goede wei. Sa hat it bestjoer fan 't jier (2014) al wat mear oan PR dien mei posters en op Facebook. En ferskillende minsken fan de stifting hawwe my ek te witten dien dat se dêr takom jier mear mei dwaan wolle. Mei in nij logo en in frisse webside binne hja ek al in hiel ein. Mei de nije inisjativen fan de stifting en mooglik in nij program foar by de 70^{ste} betinking kinne wy allinnich noch mar hoopje dat it waar op Leaffrouwedei, sneon 26 septimber 2015 ús gefallich wêze sil.

Twitter en de Krante

Nei't de wei oer boargemaster nei de polysje ta dearûn wie, moast it roer yn 'e oarrewei.^{4, 5}

Op 1 july (2014) haw ik de polysje digitaal oan west. Hermandad wie noch neat feroare, hermandad woe fan gjin *Mena-meradiel* noch *Bitgummole* witte. Doe haw ik de dwersens fan de polysje oan in stikmannich Twitters tabetroud.

7 july: “De plysje skriuwt noch fan *Beetgum*, *Beetgumermolen* en *Menaldumadeel*. Dy toponimen besteane net mear. Soe dan de plysje ek net mear bestean?”

15 july: “Fersyk [oan de *Regionale Polysje Ienheid Noard-Nederlân*] om *Bitgummole* te skriuwen ynstee fan *Beetgumermolen* wol de plysje yn Assen net behannelje. Ik hie dat fersyk yn myn taal skreaun.”

15 july: “It is noch jimmeroan deselde plysje. Myn andert wie: ‘Ik prakkesearje net oer in Hollânske oersetting.’ Wurdt it de safolste cause célèbre?”

15 july: “Sille se no allegearre yn 'e wapens? Boargemaster, Bewegingsried, Frysk-Nasjonaal, deputearre, Ban Kimmoo en Feilichheidsrie?”

No nee: boargemaster wóé net, rie en partij – trou oan de fakânsjewet⁶ – fermakken har tige yn de Efteling, Ban hie de



*Bertus Jans
Postma*

hannen fol oan Gaza, en de Feilichheidsrie koe net betinke oft dat Frysk no de wrâld-frede wól oantaaste en ‘rjocht op ûnderdrukking’ hie óf krekt nét en ‘rjocht op bestean’ hie.

25 july: “De plysje hat syn wurk yn spûkdoarpen – net mear besteande doarpen –, yn *Damwoude*, *Wouterswoude*, *Broeksterwoude*, *Veenwouden*, *Zwaagwesteinde*.”

25 july: “De plysje hat syn wurk yn spûkdoarpen – net mear besteande doarpen –, yn *Cornjum* en *Finkum*. De Hollânske plysje kin net rjocht meikomme.”

Der wie dus mear mis by hermandad. Sân gemeenterieden hawwe de minsken har eigen, oarspronklike, Fryske toponimen weromjûn. Yn de fjouwer gemeenten fan *Burgum*, *Grou*, *Wommels* en *Ferwert* hat de plysje dy nammen oernommen. Yn de trije fan *Damwâld*, *Stiens* en *Menaam*, nét. It opfallende is de skieding: de earste fjouwer riedsbesluten binne fan fôár 2000, de oare trije fan néi 2004. Dat wiist op doelberet kontra-Frysk belied. Út te sykjen moat wêze, wa't mandélich yn de grutte omset wie(ne), hokfoar korpsbehearder en/of korpsjef. Dales/Wagenaar?

25 july: “Helaas is uw brief in de Friese taal geschreven, waardoor ik de brief niet in behandeling kan nemen.” Dyselde 25^{ste} july kaam de parse fanwegen en rekke de saak yn beweging.

⁶Al wer lang ferlyn hie Hylkje Goïnga (1930-2001) útfigearre, dat der in fakânsjewet wie en dat allefrou en -man dêrneffens op fakânsje móasten.

KRANTE EN BEWEGING

De polysje yn Menameradiel hie op 1 july (2014) nóch altiten de al in jiermannich net mear bestean-de nammen *Menaldumadeel*, *Beetgumermolen*, ensamear op ‘politie.nl 9045PV’ te stean. Dêr kaam skriuwerij mei de klachtekoördinator fan de regionale polysje yn Assen út fuort:

8 july:

1. Jim hâlde jim net oan de, fan oerheidswegen fêststelde, offisjele gemeente- en doarpsnammen yn Menameradiel.
2. It folk fan Menameradiel hat mei it riedsbeslút fan april 2009 rjocht op syn eigen nammen.
3. Ik rekkenje, dat jim bûge foar dat rjocht en de Hollânske nammen mei gauwens nei Wijster ta bringe.’

10 july: ‘Met aandacht nam ik kennis van uw brief van 8 juli. [...] Helaas is uw brief in de Friese taal geschreven waardoor ik de brief niet in behandeling kan nemen. [...] U wordt in de gelegenheid gesteld om uiterlijk binnen twee weken na dagtekening van dit schrijven voor een vertaling te zorgen.’

14 july: ‘Met aandacht nam ik kennis van uw brief [...]’ ‘Dêr falt út op te meitsjen, dat myn skriuwen wol te lêzen wie. [...] Myn brief koe sadwaande skoan yn behanneling nommen wurde. Dat hié kinnen, mar jim wóene dat net, wol ik leauwe. It moast en it soe yn ’t Nederlânsk skreaun wurde. [...] Ik prakkesearje der net oer om dy [klacht] yn it Hollânsk oer te skriuwen.’

25 july: De moarns haw ik myn wjerfarren mei de klachtekoördinator op Twitter buorkundich makke.⁷ Fan doe ôf oan rûn it as it spoar. De middeis skelle de *Ljouwerter* al.

26 july: ‘Politie weigert Friestalige klacht’ (*LC*). Dat hie de provinsjale *Telegraaf*-ferslachjouwer lêzen en dy stie hjir de middeis fan dyselde 26^{ste} noch mei syn rjochterhân foar de doar.

⁷“Helaas is uw brief in de Friese taal geschreven, waardoor ik de brief niet in behandeling kan nemen”, ‘Twitter en Krante’, *Nij Frisia*, LXIII (2014) nû. 4, s. 11-13.

28 july: De moarns betiid koene de *Telegraaf*-lêzers in filmke besjen fan it fraachpetear dat twa dagen tefoarren hjir flakby it plaknammeboerd *Bitgummole/Beetgumermolen* holden wie. Om 10.20 oere skelle de klachtekoördinator al: “It ‘wie in misbegryp’ en ‘wy moatte hjir Frysk lêze kinne’ en ‘de tekst fan de brieven wurdt oerset’ en ‘de klacht wurdt behannele’.”

29 july: Dêr wie de *Ljouwerter* fuort ek al wer: ‘Politie belooft beterschap met het Fries’ (*LC*).

31 july: De *Ljouwerter* like der nocht oan te hawwen: 528 lêzers woene wol bite op de stelling ‘Het is van belang dat de politie klachten in het Fries in behandeling neemt’. 56% wie it dêrmei iens, 44% net.

7 augustus: Mei in oare klachtekoördinator, ien fan eigen folk, is hjir yn ’e hûs ien en oar bepraat. Hy soe war dwaan om op ynternet ús eigentalige toponimen foar de Hollânske yn it plak te krijen. Ik soe swart op wyt de útkomst fan de formele klachtebehandling tastjoerd krije. Mar dy gie fansels allinnich Menameradiel mar oan.

Ik hie de ierdrykskundige nammen fan de 6 oare gemeenten op www.politie.nl ek neigien. Yn dy fan *Burgum*, *Grou*, *Wommels* en *Ferwert* mankearre der neat oan, mar yn dy fan *Damwâld* en *Stiens* hiene de kritepolysjes (‘wijkagenten’) har wurk yn net mear besteande doarpen, yn *Zwaagwesteinde* en *Veenwouden*, yn *Cornjum* en *Finkum*, en mear sokke.

14 augustus: Fan deselde, twadde koördinator kaam it fersyk om him de nammen fan alle 7 gemeenten mei eigentalige doarpsnammen te neamen. Yn Grins hiene se al betocht, dat it sá eins net koe: op har politie.nl oare nammen as de offisjele. En nóch wat. Op politie.nl meie dan de ferkearde nammen ferfalle, mar as se yn de boekhâlding, yn de ict-systemen yn Grins stean bliuwe en men sóe in proses-ferbaal thúskrije, dan wie it fansels nóch fan ‘woonplaats Beetgumermolen’. En dan soe jin it sin dochts noch dûbelferkeard stean. Wy hawwe it deroer hân.

En de **Beweging**? Ién man, ien út de rigen fan it JFM-folk, hie belangstelling foar de gong fan saken.

De oare bewegers? Ien fan harren haw ik noch holpen doe't er foar de Hollânske namme *Dronrijp* op it Rypster stasjon ús eigen *Dronryp* yn 't plak hawwe woe.⁸ Mar fierders wie der fan bewegende 'bewegers' nul en neat te fernimmen. Allegearre op fakânsje. Dêr liket it tsjintwurdich net heal mear sûnder te kinnen. Mar yn de tiid doe't de ko noch fan Bartle hiet, hiene grutte minsken – op master en masters juffer nei – gjin fakânsje, gjin dei. Hawar! Simmertiid, tiid fan slomjende beweging. Simmer-tiid, tiid fan 'ambitieloosheid, die Friezen wel vaker wordt verweten'.⁹

Neiskrift:

In tankjewol komt ta oan frou Mirka Antolovic fan *Tûmba* dy't my help tasein hie, mar op it drokst fan de tiden net yn 't lân wie, oan de *Ljouwerter Krante* dy't de bekearing fan de polysje beävesearre hat – sûnder LC wie myn klacht fansiden lein – , en oan de *Telegraaf* dy't hiele Nederlân fan ien en oar op 'e hichte brocht hat. De winterbeweging moat men it hiele simmerhealjier misse, de krante kin men net misse, gjin dei.

Bertus Jans Postma

Ûnderdrukking en gjin ein

'Friestaligen worden niet onderdrukt', mient de eardere LC-haadredakteur Mulder (*LC*, 8 augustus 2014). 'Alle minsken [...] hearre har foar inoar oer yn in geast fan bruorskip te hâlden en te dragen' (út de ynlieding fan de *Universele Ferklearring fan de Minskerjochten*, New York 1948). Mar de geast fan de Feriene Naasjes waait net oer Fryslân, yn ús nasjonale minderheid tilt it op fan ûnferdraachsume ientaligen en *Hup-Hollân*-Friezen.

De beskerming fan lytse talen draacht by oan bewar en ûntjouwing fan de kulturele rykdom fan Nederlân. In behoarlik grut part fan it basisskoalle-*ûnderwiis* heart Frysktalich te wêzen (it *Hânfêst foar Minderheidstalen*, tekene fan it regear en offisjeel bekrêftige fan de folksfertsjintwurdiging). Mar feitwier is, dat de skoalbern as heale analfabeten 'ôfstudearje'. As Mulder dat gjin taalûnderdrukking neamt, hokfoar passend wurd hat er der dan foar?

⁸ProRail en Dronrijp', *Nij Frisia*, LXIII (2014) nû. 3, s. 10.

⁹Tsjerk Kooistra (*LC*, 21 augustus 2014).

Yn de wrâld fan de grutte minsken besykje rjochters yn de *rjochtseale* ús taal safolle mooglik te kearen, fernederje plysjes jin mei in har net passend '*Nederlands aub*', wie by de *belestings* ús taal koartby noch in frjemde taal en ûnderdrukt Gods '*Woord*' sneintemoarns Gods *Wurd*. As dat net op Friezen ûnderdrukking wiist ...

In eigentalich toponym komt ús taal te'n goede en de taal de kulturele rykdom yn Nederlân. Wie, strikend mei it *Hânfêst*, *Leeuwarden* by de weryndieling *Ljouwert* wurden, dan wie dat it kulturele klimaat yn Nederlân te'n goede kommen. Mar de *gemeenterie* yn de haadstêd fan ús nasjonale minderheid moast der nul en neat fan hawwe. De rie hie, krektlyk as Mulder, lak oan it ynternasjonale ferdrach foar minderheidstalen. Taalûnderdrukking fan it boppeste buordsje.

By gelegenheid fan it klearkommen fan it rjochtskundich wurdboek Hollânsk-Frysk hold op 11 desimber 2000 de doetiidske Hofpresidinte frou mr. Eradus in koarte taspraak oer fjouwer iuwen Frysk, fjouwerhûndert jier fan taalrepresje, fan *taalûnderdrukking* dus (*Ût de Smidte*, 2001, nû. 1). Sa heart men it ek ris fan in oar.

Wa ken de 'ien Hollanner-regel' net? Yn in gearkomste easket in ientaligen-ien har/syn taal as fier-taal. Ik haw it sels ién kear meimakke dat sa'nien har sin nét krige: de foarsitter, boargemaster Holtrop, frege har, hoe lang oft se al yn ús lân wenne hie. 'Vijftien jaar', wie it beskie! En mr. Holtrop doe beret: 'Dan hearre jo hjir net thús!' It frommes wie takocht.

'Friestaligheid stempelt een Fries in vele kringen nog steeds tot een tweederangsburger' (Bertus Mulder, *Fryske Taalpolityk*). Dêr giet Rimmer Mulder mei syn 'De Friese taal heeft genoeg [...] sociale status'.

Bertus Jans Postma

Brieven oer geef Frysk en gjin Frysk

Brief oan de kranteman fan 'Ingezonden' fan 13 maart, 2014:

Achte redakteur,

Der wurde amper stikjes fan myn kant ôfkard en dêr bin 'k bliid mei. Fandats is der gjin inkelde reden foar kommentaar. Mar as ik dy ál haw, dan giet it wat oars oan. Foarop stiet, dat jo in fakman binne

yn it krantskriuwen en dat ik in begjinner bin en it ek nea fierder skoppe sil. Lykwols bin ik fan betinken, dat elk fan elk wat leare kin: ik in soad fan jo en jo in bytsje fan my.

1. ‘Te djoer!’ (*LC*, 10 desimber): ‘Mar yn har ynstjoerde stikken gie it guon skriuwers noch net *mâl gernôch*, se rûsden de kosten op € 450.000.’ Ik stroffelje oer jo *mâl gernôch* dat jo fan myn ‘*mâldernôch*’ makke hawwe. J.K. Dykstra, *Op ’t aljemint*, side 106, jout: djoerdernôch (te djoer), fierdernôch (te fier), langernôch (te lang), stoefernôch (te stoef), hurdernôch (te hurd). En myn ‘*mâldernôch*’ is dêrneffens.
2. ‘Ljouwert en it Frysk’ (*LC*, 4 febrewaris): ‘Mar yn stee fan dat de nijnykommelingen by it komboerd “Ljouwert gem. Ljouwert” alderfreonlikst it wolkom taroppen waard [...]’ Ik stroffelje oer jo ‘yn stee fan dat’. Wiswier skriuwe wy ‘yn stee fan’ foar it Hollânske ‘in plaats van’, mar hjir is jo ‘fan’ oer en tefolle. Ik hie skreaun fan ‘Mar yn stee dat de nijnykommelingen [...]’ strikend mei ‘Yn stee dat er tenei earder kaam’ (*Frysk Hânwurdboek*, 2008, by it wurd ‘stee’) en ‘Yn stee dat’ (*Frysk Wurdboek*, 1992).
3. ‘Iiskâlde wyn’ (*LC*, 12 maart): ‘It hat in *wurdboek fol* oarlochstaal; ‘*fol*’ suffiks (efterheaksel). ‘Een *bus vol*’ (twa wurden) is by ús ‘in *busfol*’ (ien wurd, in haadwurd), ‘een *hand vol*’ (twa wurden) wurdt by ús ‘in *hanfol*’ (*Frysk Wurdboek*, 1992). Myn ‘*wurdboekfol*’ is dêrneffens ien wurd.

Nimmen is master op alle wapens. Ik rekkenje mar, dat jo it boppesteande daaie kinne.

Mei de wenstige Bitgummoolster achtinge,

Bertus Jans Postma

Brief oan Deputearre en Provinsjale Steaten fan 3 septimber, 2014:

Heechachtbere Kommissaris, tige achtbere deputearren, rju achtbere steaten,

Út ‘Fan Geunst nei Rjocht’: By in Frysktalige maatskippij heart in Frysktalige oerheid; de oerheden yn Fryslân moatte net allinne de taalkar fan oaren respektarje [...] (side 3). De Fryske taal moat in fêst plak jûn wurde as gebrûkstaal fan ‘e oerheid yn Fryslân by skriftlike uterings (oarderings, nota’s, publike oantsjittings, advertinsjes, publikaasjes ensfh.) (side 4). It sintrale punt dêr’t it om te rêden is, is de lykweardigens fan de beide talen yn Fryslân en de lykberjochting fan de minsken dy’t dy talen prate [...] (side 7).

Âld-steatelid en âld-deputearre Lieuwe Eringa is ferstoarn. It alhiel Frysktalige deaberjocht stie sneon yn de *Ljouwerter Krante*, jim alhiel Hollânsktalich roubeklach dêr fuort ûnder. Ús eigen ABF moat net goedernôch achte wêze. Wa’t jim advertinsjetekst ek betocht hat –bestjoerder of amtner –, jim drage de ferantwurdlikens foar de ferkearde taal. Mei jim Hollânsk lykje jim nei jierren en jierren fan taalbelied de taalkoerts 180 graden ferlein te hawwen: by in Frysktalige maatskippij heart in Hollânsktalige oerheid. In ûntmoedigjende ûnderfining.

De krekt ferstoarne Bernard Smilde hat by syn libben aloan en alwer op ‘e taalbarrikaden stien. Foar him lei der in flok op it Frysk (*LC*, 1 septimber). As it wat wurde sil mei de befrijing fan dy flok/mei de ‘ûntflokking’ fan ús sprake, dan geane Frysktalige maatskippij en Frysktalige oerheid yn ‘e mande en lykop, yn alle gefallen sûnder Hollânske ‘oarderings, nota’s, publike oantsjittings, advertinsjes, publikaasjes ensfh.’

Oars, mei Bitgummoolster achtinge,

Bertus Jans Postma

Froukje de Vries en Tom Dykstra (foto: Babs Gezelle Meerburg).



Laudatio foar Froukje de Vries, lofprizing fan har wurk foar it ûnderwiis yn it Frysk

Utsprutsen op 13 novimber 2014 troch Tom Dykstra, foarsitter fan de FFU

Froukje, it docht ús tige deugd dat wy as bestjoer fan de *Feriening Frysk Underwiis* dy hjoed by it 11^{de} kongres fan de seksje Frysk fan *Levende Talen* ús fjirde eare-oarkonde útrikke kinne. Trije tige fertsjinstlike Friezen binne dy al foargongen. Wy binne fan betinken datstô dy oarkonde ek mear as fertsjinne hast.

Al ier bisto begûn mei it krewearjen foar ús taal. Benammen op *Skoalle Lyndensteyn* en as lesjoustery by de *Afûk*. Healwei de 70'er jierren fan de foarige ieu krigesto der as fan hûs-út-Frysktalige niget oan om it Frysk ek skriftlik goed yn de macht te krijen. Do hast by de *Afûk* it hiele kursustrajekt foar Frysktaligen, fan leargong A oant en mei de Fryske Akte en it Didaktyk Foech, mei sukses ôfrûn. Al daliks joechst - en joust noch - mei grutte nocht, fjoer en mei entûsjasme *Afûk*-kursussen, benammen foar net-Frysktaligen. Dêrby bisto hiel ynventyf om it sa noflik en motivearjend mooglik foar harren te meitsjen. Dêr giet folle mear tariedingstiid yn sitten as ornaris frege wurde mei. De kursisten wurdearje dat en meie graach oer dy.

Dat jildt ek foar de learlingen fan *Skoalle Lyndensteyn* te Beetstersweach, in skoalle foar bern mei lichamlike en gauris ek geastlike beheining. Oan dy skoalle bist sûnt 1973/1976 ferbûn. Omdat de skoalle yn de rin fan de tiid twatalich waard, koest ek hiel goed ynskeakele wurde by de Fryske lessen. Mei de *Afûk*-akte as bewiis fan bekwamens, waardst sûnt 2001/2002 sels learkrêft Frysk op alle ôfdielings foar fuortset ûnderwiis op dy skoalle.

Yn dat ramt bisto aloan dwaande mei fernijing en ferbettering fan dyn ûnderwiis en besikesto benammen ek de *iPad* in foarweardich plak te jaan yn dyn lessen. In hiel grut part fan dyn frije tiid giet deryn sitten om dy ta te rieden en saken op dat mêd mei te ûntwikkeljen. Do bist in pionier op it mêd fan it ûnderwiis yn it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis. Op dat stik komt net ien yn Fryslân op it stuit oan dy ta.

Wa't tinkt dat wy oerdriuwe, soe it artikel oer '*iPads foar de Fryske les op in skoalle foar spesjaal (fuortset) ûnderwiis*' ris lêze moatte, dat ferline jier by de stúdzjemiddei fan de Seksje Frysk (fan de VLLT) '*Fierder mei Frysk (10)*' útrikt is. It wiidweidige stik is (ek) oan te klikken op it webstek fan de FFU. Elts kin dan it antwurd fine op de fraach wêrom't wy it nedich achten om dy hjoed ús eare-oarkonde út te rikken. Wy kinne dat op dit plak yn de koarte tiid dy't ús jûn is, lang net allegearre opneame.

Sels asto thússyk op bêd leist, kinst de Fryske les mei help fan de *iPad* noch oan de gong hâlde en kinst thúss oan de learlingen opdrachten jaan en de makke lessen neisjen. Wy fine dat bûtengewoan, ja, bjusterbaarlik. Wy hawwe grutte bewûndering foar dyn ynset en folhâlden en foar al dy frije tiid dy'tst der jierrenlang ynstutsen hast en ynstekst. Dat freget om erkenning.

Do wilst dyn learlingen altiten wer yn harren eigen nije ûntwikkelingssône te bringen. Se sjogge út nei dyn lessen en roppe dy dat somtiden op de gong al ta! Dat jout dy in waarm gefoel. Dat ynspirearret dy om troch te gean mei fernijing en ferbettering fan it ûnderwiis yn de Fryske taal, kultuer en skiednis. Wat is der net allegearre mooglik yn it spesjale ûnderwiis as der ris echt kapabele, Fryskkundige lju foar de klassen kamen te stean? Oan de bern sil it dan perfoarst net lizze!

It is net te hoopjen dat wý allinnich dyn fertsjinsten opmurken hawwe, mar dat se by de provinsje en oare ynstellings dy't wat mei keardoelen, learplannen en learmiddels te krijen hawwe, mei gauwens likegoed dogge.

Froukje, wy hoopje datst noch in lange rige fan jierren yn sûnens foar dyn neisten, foar ús en foar it Frysk bewarre bliuwe meist. **Fan herten lokwinske!**



KAFEE 'ROM SICHT' (3I)



Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friezema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.

'Gone with the wind', seit Fetse, neidat er in fikse slok Bearenburch efteroer slein hat. De maten sjogge him ferheard oan. 'Wêr slacht dat op,' ynformearret Geart, 'begjinst ek al oer de grins te praten?'

Fetse set de romer del. 'Sa hjit in film dy't ik eartiids sjoen haw. Dy spile yn Amearika yn de njogentsjinde ieu. Dêr moast ik oan tinke, no't elts it oer dy wynmûnen hat.'

Rommert Tjeerdsma

'Dat moatst ús dan mar ris útlizze', seit Watse. 'Wy snappe der gjin sprút fan.'

Fetse giet der efkes goed foar sitten. 'Yn dit lân binne minsken dy't mei wynmûnen rinne, letterlik en figuerlik. Moatst dy yntinke, wolle dy simpele siele yn in tiidrek fan fyftsjin jier sechstich miljard euro oan wynmûnen útjaan. Elts mei in bytsje boereferstân wit dat soks weismiten jild is. 'Gone with the wind'. Dêrom moast ik oan de titel fan dy film tinke.

Fan it totale ferlet oan elektryske enerzjy leverje al dy mûnen meilkoar noch gjin twa prosint op. Dan moat it ek noch dei en nacht hurd waaie.'

'Wêr wolle se trouwens dat jild wei helje', seit Boate kastlein, wylst er de glêzen fannijs fol jit. 'Ik lies krekt yn de krante dat it regear in tekoart fan fyftsjin miljard op 'e rinnende rekken hat. De belesting wer omheech, tink. Dy dingen wjukkelfe op subsydze. In pear minsken wurde der ryk fan en de rest draait foar de kosten op.'

'Dat net allinnich,' spat Geart op, 'ús hiele Fryske kultuerlânskip giet deroan. Mûnen dy't trije of fjouwer kear sa heech binne as ús tsjerketoer, dat raast dochs oan de protters ...?'

'Ik haw mei minsken praten dy't ticht by sa'n ding wenje,' follet Fetse oan, 'in dwerch ast it ferlikest mei de meunsters dy't se hjoed-de-dei bouwe wolle. Likegoed wisten dy stumpers net wêr't se it sykje moasten. Wienen beide ûnder behandeling fan in senuwdokter. Gek waarden se fan it slachskaad en it lûd fan dat ding, dat dei en nacht trochgiet.'

'Wêrom gienen se dêr net wei,' freget Minne mei syn miksdrankje yn 'e hân.

'Dat hawwe se ferskate kearen besocht, mar hja kinne it hûs oan de strjitstiennen net kwyte. Kinst be-gripe, gjin minske wol dêr wenje.'

'Wat Fryslân oangiet, skielk de turbinen deryn en de minsken derút, dêr sil it wol op útdraaie,' stumet Geart.

'Dat is krekt it probleem, ast in eigen hûs hast,

kinst net in kant út. Bist opsletten. Oan de goaden oerlevere. It toerisme kinst wol ferjitte en de middenstân sil deabliede. In spoeklânskip bliuwt oer, mei rûnom grouwélige stikken stiel fan twahûndert meter heech, dy'tst yn Drinte al stean sjochst.'

'It leveret de Rânestêd fansels wol krapoan twa prosint elektrisiteit op,' seit Watse, 'en dêr giet it om. Wy binne op 't lêst in wingewest. Yn Grinslân helje se it gas ûnder de grûn wei en dat de huzen dêr ynelkoar miterje, meitsje se harren ek net drok om.'

Fetse stekt de hân omheech, as teken oan Boate dat de gleskes nochris fol moatte. 'No'tst it oer gas hast,' seit er, 'ik lies lêstendeis yn 'e krante dat der yn 'e rin fan de tiid foar miljarden oan gas út de grûn helle is.'

'Dan is de steat smoarryk fan al dy opbringsten, dat kin net oars,' ropt Minne bluisterich, 'hoera, dan hoege wy skielk gjin belesting mear te beteljen!'

'Dat kinst wol ferjitte, want dy miljarden binne op, wei, *gone with the wind*. Sterker noch, de steat hat miljarden skuld, dêr't rinte oer betelle wurde moat.'

'Faaks in domme fraach,' ynformearret Geart, 'mar wêr binne yn 'e fredesnamme al dy miljarden bleaun?'

Fetse nimt in slok. 'Útjûn oan prestiizje-

objekten, meast yn 'e Rânestêd. En oan korrupte lannen yn Súd-Europa, omdat wy lid fan de EU binne. Fierders oan likegoed korrupte lannen yn Afrika, dêr't al fjirtich jier om 'e nocht jild hinne pompt wurdt.'

'Dat is net bêst, no begryp ik wêrom't wy ien fan de lannen binne mei de heechste belesting fan de wrâld. En dat ús sosjale foarsjennings, eartiids mei swit, bloed en triennen befochten, bytsje by bytsje ôfbrutsen wurde.'

'Dat it ek oars kin, lit in lân as Noarwegen sjen, dêr't ek in protte gas út de grûn helle wurdt. Dêr wurde de opbringsten net útjûn, mar yn in fûns stoart. Dat leveret rinte op en dêr kin it Noarske regear moaie dingen fan dwaan, wylst it kaptaal fierder oanwaachst. Noarwegen is dan ek frij fan steatskuld. Bûtendat binne se sa ferstannich om gjin lid fan de EU te wurden en dat besparret har nochris miljarden yn it jier.'

'Hoe kin 't sa,' ropt Minne, 'sá kin it dus ek. Ik wit it, as hiel Fryslân skielk fol wynturbinen stiet, emigrearje wy meielkoar nei Noarwegen. As dy lju dêr sa ferstannich binne, wolle se fêst ek gjin wynmûnen dy't it lânskip ferpeste!'

'Wêrfan akte,' ropt Boate efter de taap wei, 'mar it is de heechste tiid hearen!'

Slach by Warns-betinking 2014: 'It Frysk ferbynt'

Sytze T. Hiemstra

Op 27 septimber wie de Jongfryske Mienskip goed fertsjintwurdige op it Reaklif by de betinking fan de 'Slach by Warns'. Skriuwer/skathâlder Wolter Jetten (mei propagandamateriaal) en Gerben Abma, einredakteur fan Nij Frisia (mei oanhing). Fierders Piter Dykstra, Ed Knotter, Bertus Postma en myn persoan (meiwurkers fan Nij Frisia), ús lid Kerst Huisman. Faaks haw ik jitte in pear oer de holle sjoen.

Ik wol it op dit plak net hawwe oer de bydragen fan it *Krite Koar Lelystêd* (oprjochte yn 1944), *Albert Postma*, trûbadoer *Bruno Rummler* en it korps *De Lytse Súdwesthoeke*. Allegearre treflik. Sierlik waar op it Reaklif. Fredige omstannichheden by de 'Slach'. Nee, ik wol yn dit stik omtinken jaan oan de taspraak fan Hâns Dijk, foarsitter fan *It Frysk Boun*

om Utens en de bydrage fan Lysbeth Jongbloed-Faber, ûndersykster by kennisintrum *Mercator* te Ljouwert.

Om likernôch 13,45 oere, net tafallich ferwizend nei it bekende jiertal fan de slach '1345', koe betinkingsfoarsitter Tom Dykstra syn iepeningswurd sprekke. Hy beklamme it ferbiningskarakter fan de

middei. Mar joech ek in warskôging mei.

Tom Dykstra: de 69^{ste} betinking fan de 'Slach by Warns'

Wolkom hjir op it Klif. In histoarysk plak om as Fryske mienskip 'mienskip' te belibjen, omdat wy ús ferbûn fiele troch ús mienskiplike skiednis en taal. De flaggen wapperje en wy kinne bliid wêze dat wy as Fryske mienskip noch in plakje ûnder sinne hawwe.



Tom Dykstra.

Mar wêrom dan in betinking fan de 'Slach' út 1345 soe men jin ôffreegje kinne. Simpel: 1345 is in warskôging út de skiednis, dat it mei it bestean fan in taalmienskip samar faai stean kin. Om it byld fan Gandhi te brûken: de wyn mei troch de finsters waaie, mar it hûs mei net fernield wurde. **Kultuerútwiksling** is goed, mar wy wolle net as taal- en kultuermienskip fan de kaart fage wurde. Ús ryksregear desintralisearret saken as soarch en wurk, mar mear út in eachpunt fan besunigings wei as fan foechoerdracht. Lykwols as it oer mear foech foar it Frysk giet, dan moat soks wer by de helsdoarren wei komme en as der al wat tajûn wurdt, dan is it faak dochs wer in lege huls. Ien foarbyld út de lêste wiken.

De nagelnije *Taalwet* (fan krêft sûnt 1 jannewaris 2014) wol de posysje fan it Frysk yn ûnder mear it rjochtsferkear fersterkje. Ôfrûne wike waard bekend dat yn it ramt fan de eardere fúzje mei Assen en Grins alle kantoarpersoniel fan de Noard-Nederlânske rjochtbank ('Rechtbank Noord-Nederland') op termyn nei Grins sil. Kinne wy dan yn Grins no ek mei it Frysk terjochte? No hawwe de Fryske bestjoerders wol protestearre, dat de ferhuzing gjin ôfspraak is, mar ik haw noch net ien wat sizzen heard oer dat soks eins yn striid is mei de nije *Taalwet*. Hoe sa 'verankeren' en 'waarborgen'?

Net allinnich by ús kreaket it. Skotlân hat noch krekt nee sein tsjin ûnôfhinklikens, mar it is tryst fansels dat Londen no pas harkje woe. Yn in globalisearjende wrâld wolle mienskippen der net ûnderstrûpe en dat jildt foar ús as Fryske mienskip fansels likegoed. Regio's wolle graach it foech oer saken hâlde dy't tichteby binne en fûneminteel foar dy regio.

Ljouwert is **Kulturele Haadstêd 2018** wurden mei in Fryske begryp **mienskip**. Dêrfandinne ús tema 'It Fryske ferbynt'! No jout in taal ferbining, mar taal kin ek skieding betsjutte as oaren dy net akseptearje en leare wolle. Ljouwert KH18 betsjut neffens my dat yn in demokratysk Europa de ferskillende lytsere en gruttere mienskippen – ek de taalmienskippen – rjocht fan libjen en takomst hawwe. Neffens de oanfraach fan Ljouwert soarget de taal foar ferbûnens; ek oer grinzen hinne. Wy wolle dat hjoed nei twa kanten ta besjen: Foarst. It bestjoer hat it *Frysk Boun om Utens* útnoege om wat te sizzen oer de wearde en de funksje fan Fryske krite bûten de grinzen fan it Fryske taalgebiet. Twads. Wy hawwe *Lysbeth Jongbloed* fan de Fryske Akademy frege om wat te fertellen oer har ûndersyk nei it Frysk yn de sosjale media. Hoe stiet it mei de taalbining en it brûken fan it Frysk by de jongerein oer de generaasjegrens hinne?

Hâns Dijk: 'It Frysk ferbynt'

Ja, 't is wier: 'Taal ferbynt'. 'It Frysk ferbynt'. It tema fan dizze betinking. Taal ferbynt de minsken ta in mienskip, taal ferbynt de âlders mei de bern. Taal ferbynt de minsken út deselde streek. Ek Friezen om utens fiele dat yn harren hert. Ik kin dêroer mei prate, want ik bin der ien fan. Hikke en tein op in boerepleats oan de Dokkumer Ie, en no al mear as

fjirtich jier yn Hollân. As wy in gearkomste hawwe fan ús Fryske krite, dan fiele we ús wer efkes thús, dan binne we wer efkes ûnder elkoar. ‘Fier fan hûs’ hyt ús krite. As wy in gearkomste hawwe, dan binne wy wer efkes in mienskip dy’t 200 km fierderop de taal praat dy’t we fan heit en mem leard hawwe. Taal ferbynt ta in mienskip. Troch de jierren hinne binne der Friezen ferhuze en emigrearre. Meast út earmoed en om wurk te sykjen. Yn ’e frjemdte sochten de minsken elkoarren op. De taal ferbûn harren: de Fryske taal.



Hâns Dyk.

Fansels, de tiden binne feroare. Globalisearring, skaalfergrutting en ynternasjonale ûntwikkelings hawwe pleats fûn. Mar de fundearring is noch stees deselde. De taal fan de minsken! Der binne no noch sa’n 18 Fryske krite bûten Fryslân dy’t omende-by fjouwer of fiif kear yn ’t jier in gearkomste hawwe mei Frysk toaniel of kabaret, in sjongjûne of wat dan ek. Nocht en wille stiet op sa’n jûne sintraal.

‘Taal ferbynt’. Dat blykt bygelyks út de nammen fan ús krite. De krite yn Assen dy’t al mear as tachtich jier bestiet, hat de namme ‘Us memmetaal’. Dúdliker kin men it eins net sizze. De krite yn Hoarn, dy’t al mear as hûndert jier bestiet, hat by de oprjochting de namme ‘Troch de taal ferboun’ meikrige. Wat is dat moai fûn. ‘Troch de taal ferboun’! Men wurdt der waarm fan. De krite Haarlim – 117 jier âld – hyt ‘Gysbert Japicx’. Yn dit selkip hoech ik net út lizzen wa’t dy man wie en wat

dy dichter en skriuwer foar de Fryske taal betsjutten hat. En sa kin ik by al dy krite, al dy mienskippen, bylâns gean. By eltse namme is in ferhaal te hâlden.

Sûnt de slach by Warns, dy’t wy hjoed betinke, binne der troch de iuwen hinne – sa’t ik al sei – minsken út Fryslân weilutsen. Lês de boeken fan Geert Mak der mar op nei, meastal fanwegen ekonomyske omstannichheden. Yn de 16^{de} en 17^{de} ieu al, mar foaral oan de ein fan de 19^{de} ieu. Yn de tiid fan de grutte lânboukrisis rûn de wurkgelegenheid yn dizze kontreien tebek en troch de earmoed twongen, belânen de minsken yn ’e haven fan Rotterdam, yn ’e minen fan Súd-Limboarch of trije-heech-efter yn Amsterdam. Wylst de minsken hjirre, yn Fryslân, gjin wurk hiene, mar wol in túntsje mei griente en in geit yn ’e blikke, kamen se yn Hollân faaks yn in drokke stêd te wenjen, anonym, fier fan famylje en kunde. It wie de taal dy’t harren yn ’e frjemdte by elkoar brocht. Sa binne ús Fryske krite ûntstien en net allinne yn Amsterdam, Utert en De Haach of de oare plakken yn ús lân, mar ek yn Kanada, Amearika, Nij-Seelân en gean sa mar troch. Taal ferbynt. Taal bringt de minsken by elkoar. Taal bringt mienskip. Wat wy thús leard hawwe, ferjitte wy nea.

De tiden feroarje

Mar ... tagelyk witte wy dat de tiden feroare binne en noch altiten feroarje. De hjoeddeiske tiid stelt oare easken oan ’e minsken. De mobiliteit is yn alle opsichten grutter wurden. It ferhúzjen út Fryslân wei en nei Fryslân ta, giet folle fleksibeler en makliker as eartiids. It reizgjen fan en nei it wurk is hiel oars wurden. Tsjja, en dat hat beskate by-effekten. Bygelyks, it ferieningslibben rint yn in protte opsichten werom. It Frysk wurdt minder praat. En gean samar troch. As je wolle, kin je mekoar op dat punt maklik de grûn ynprate. Mar dat wie ik hjir fan ’e middei net fan doel. Want der binne ek ljochtpunten. Der binne kapstokjes dêr’t wy ús oan oplûke kinne.

Aksjepunten foar de takomst

Ljouwert, yn 2018 kulturele haadstêd fan Europa. Prachtich, prachtich! Hulde oan de minsken dy’t dêrfoar soarge hawwe. Komplimenten oan dyjingen dy’t harren kreativiteit dêrfoar ynset hawwe. Bjusterbaarlik. Lokwinske, de ynwenners fan Ljouwert, lokwinske alle Friezen yn Fryslân, bûten Fryslân, yn Europa, ja yn de hiele wrâld. *De slach by*

Warns hat net foar neat west. Yn it spoar fan Sven Kramer en Epke Zonderland is dat in boppeslach.

Noch in ljochtpunt. De Fryske Akademy. Goed trije wike lyn wie dêr de jierlikse akadeemjedei. Ik haw dêr west. En wat blik? Nije gesichten. Nije plannen. Nije projekten en útstellen foar wittenskiplik ûndersyk. Fansels hat der in drege tiid west. Krisis, besunigings, swiere tiden, mar no sit de moed der wer yn. Nije aksjes op it mêd fan taalûndersyk en kultuer. De wei omheech is wer fûn. De Fryske taal is gjin deade taal. Ik haw mei minsken út oare provinsjes praat dy't seine: 'Dat jullie die Friese Akademie hebben, wat is dat bijzonder. Wat is zo'n instelling voor de identiteit van zo'n provincie een groot goed. Ik zou wensen dat wij zoiets hadden.' No, jimme hawwe it heard. *De slach by Warns hat net foar neat west.*

Noch in punt. De 'Yntegrale beliedsnota kultuer, taal en ûnderwiis' fan de provinsje Fryslân. Deputearre Steaten bringe dêr hiele goede útstellen nei foarren. Wat lêze wy bygelyks yn dat beliedsstik?

- *Mienskip*: dat is wa't wy binne, it hert;
- *Meidwaan*: dat is wat wy kinne, dêr sit ús krêft;
- *Meartaligens*: dat is wat wy hawwe, dêr sit takomst.

Fierderop stiet: 'Wy wolle Fryslân yn de etalaazje en op de kaart fan Europa sette'. 'Grinzen oer' is de namme fan de noata. En: 'Wy kieze derfoar om net te besunigjen op ús kultuer- en taalbelied. Om't wy in sterke, takomstbestindige basisynfrastruktuer wichtich fine, kieze wy der sels foar om ús bydrage oan produksjes op it mêd fan taal en kultuer struktureel te meitsjen.' Prachtich sein. Hiele moaie formulearrings. Ús kommentaar is: dwaan wat dêr yn dy noata stiet. Lit it net by papieren wurden. Tink bygelyks oan it Frysk Amateur Toaniel. Stypje it IFAT. Jou dy frijwilligers in triuwke yn 'e rêch. Oan de slach dermei. Trochpakke. *De slach by Warns hat net foar neat west.*

Mei ynstimming haw ik de aksjepunten yn de noata lêzen. Sa as: 'Wy geane fierder mei de kampanje "Praat mar Frysk" en 'Wy meitsje ôfspraken mei ús kulturele ynstellings oer leechdrompelich oanbod fan kultueruterings, kultueredukaasje en amateurkeunst'.

Fansels is Fryslân, mei in eigen steatkundich bestel, net oan 'e oarder. Dat is gjin opsje. Dat stiet

ek net yn de noata. Mar wol omtinken foar eigen taal en kultuer. It beliedsstik fan de provinsje jout hope. En no oan de slach dermei. Útfiere!!! *De slach by Warns ...* Ik hâld op. Tige tank dat jimme efkes nei my harkje woene.

Lysbeth Jongbloed-Faber: 'It Frysk ferbynt'

Troch it ûndersyk dêr't ik by it Kennisintrum foar Meartaligens Mercator op de Fryske Akademy mei dwaande bin, kom ik sawol yn it deistich libben as op sosjale media lykas Twitter mei hieltyd mear Friezen yn ferbining. Sa ek mei in Meindert Reitsma út Wytgaard. As ik in pear wike letter in mail krij fan ús muoike dêr't se my wiist op in 'efterneef' dy't in wike yn de skriuwersarke fan Rink van der Velde ferbliuwt, docht bliken dat dy Meindert Reitsma wierliken myn efterneef is. Troch it Frysk wie ik op Twitter al mei him ferbûn. En net allinnich mei Meindert, mar ek mei Arjan, Silvia en bygelyks Erik. Friezen sykje inoar op, op fakânsje, mar ek *online*.

Jongerein en Frysk

Hjoed bin ik hjir om jimme wat te fertellen oer it taalgebrûk fan Fryske jongerein op sosjale media. Ik haw dêr it ôfrûne jier mei finansjele stipe fan de provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert ûndersyk nei dien. De jeugd hat de takomst. As dat jongfolk trochgiet mei it brûken fan it Frysk, dan sjocht it der foar it Frysk goed út.

Fan de Fryske jongerein is krapoan de helte Frysktalich, ientredde part is Nederlânsktalich en ien op de tsien hat in Frysktalige en in Nederlânsktalige âlder. Yn it noarden fan de provinsje binne yn ferhâlding de measte jongeren grutbrocht yn it Frysk. Yn de gruttere plakken lykas Ljouwert, Drachten en it Hearrenfean leart mar in lyts part fan de jongelju Frysk fan harren âlden.

It binne benammen de jongelju mei twa Frysktalige âlden dy't it Frysk in soad brûke. Fjouwer op 'e fiif fan dy jongeren praat faak of altiten Frysk mei harren freonen.

Yn 'e regel wurdt it Frysk skriftlik net sa'n soad brûkt. Sa'n 12% fan de Fryske befolking fan 18 jier en âlder jout oan it Frysk goed skriuwe te kinnen, sa blik yn 2011 út de taalatlas fan de Provinsje. Út dyselde taalatlas docht ek bliken dat wat âlder oft immen is, wat better oft immen it Frysk behearsket.

Lykwols, om't der yn it ûnderwiis hieltiten mear omtinken foar it Frysk is, kinne de nije generaasjes dy

tendins miskien ombûge. En yndied, yn myn ûndersyk jout 15% fan de jeugd tusken de 14 en 18 jier oan it Frysk goed skriuwe te kinnen. Dat oandiel leit dus krekt wat heger as it oanpart folwoeksenen dat goed Frysk skriuwe kin en dat soe dus feitlik in omkear betsjutte.

De lêste tiid is der in soad te dwaan oer it útstjerren fan talen om't dy talen op it ynternet net brûkt wurde. It Frysk docht it op ynternet bêst aardich: goed 30-tûzen siden op *Wikipedia*, der is no in begjin makke mei it Frysk op *Google Translate* en der binne moai wat siden dy't in Fryske ynhâld ('content') hawwe. Bygelyks, de keatsferiening fan Easterein lit sjen dat soks ek fanselsprekkend wêze kin: har webside is folslein Frysktalich. Ek op sosjale media wurdt der in soad Frysk brûkt. It aktyf brûken fan in taal op sosjale media soe it útstjerren fan in taal tefoaren komme kinne, om't de taal ek yn dat domein in funksje hâldt en it op it stuit no ien kear in hiel wichtich en somtiden hast it iennichste kommunikaasjemiddel is.



Pytsje L. Veenstra-Hiemstra.

Sosjale netwurken

Want fan de jonge minsken fan no binne in hiel soad aktyf op sosjale netwurken, se wurde dermei wekker en se geane dermei op bêd. Benammen

'*WhatsApp*' is tige populêr: hast de helte fan de jongerein seit: "Allinnich as ik sliep sjoch ik net." Op dyselde *WhatsApp* wurdt troch de jongerein ek it measte Frysk brûkt: sawat de helte fan de Frysktalige jongerein brûkt faak of altiten Frysk op *WhatsApp*. Op oare sosjale media lykas *Twitter* en *Facebook* wurdt it Frysk wat minder faak brûkt: op *Twitter* brûkt in fjirdepart fan de jongerein faak of altiten Frysk en op *Facebook* leit dit noch wat leger. Lykwols wurdt yn trochsneed, op alle sosjale media, ek troch de Frysktalige jongerein, it Nederlânsk faker brûkt as it Frysk.

Fan de Frysktalige jongelju dy't it Frysk op sosjale media net brûke, jout it grutste part oan dat beheinde skriuwfeardigens dêr in rol yn spilet. Fierder falt op dat de measte jongeren dy't it Frysk wol brûke op sosjale media, it Frysk fonetysk skriuwe, sa't se it útsprekke. Se fine it tefolle wurk om dakjes en streekjes te typen, mar in soad witte ek net wannear't se dakjes en streekjes brûke moatte.

Út myn ûndersyk, mar ek út oare ûndersiken, docht bliken dat de hâlding foar in taal oer tige wichtich is. As minsken in taal net moai fine of as se tinke dat it brûken fan in beskate taal in leger status jout, dan sille se de taal minder brûke. Der wurdt sein dat Frysk de taal fan it hert is fan ús Friezen. Yndied hâldt de Frysktalige jongerein in hiel soad fan it Frysk: de Fryske taal heart by harren, se fine it in moaie taal en se fiele harren der tige fertroud mei. Mar, spitigernôch binne yn trochsneed de ferskillen tusken Nederlânsktalige en Frysktalige jongerein grut: de measte Nederlânsktalige jongelju hâlde net sa fan it Frysk. Meastentiids nimme de mingde Frysk-Nederlânsktalige jongeren in middenposysje yn. Hokfoar memmetaal oft de jongerein hat, is dus fan grutte ynfloed op de hâlding. Dêrneist hat de Frysktalichheid en de trochsneed hâlding op skoalle ek in soad ynfloed.

De skoallen hawwe dus in wichtige rol foar de takomst fan it Frysk, sawol oangeande de hâlding as skriuwfeardigens. Mei de foarkartaal dy't in persoan hat, beynfloedzje dy faktoaren it taalgebrûk op sosjale media it meast.

Jongelju op meartalich fuortset ûnderwiis brûke mear Frysk op sosjale media, se binne positiver oer it Frysk en harren kompetinsjes op it mêd fan Frysk skriuwen lizze ek heger. It binne krekt dy faktoaren dy't neffens saakkundigen fan grut belang binne foar in taal om de 21^{ste} ieu te oerlibjen: it útwreidzjen fan it tal meartalige skoallen yn Fryslân liket dêrom in

hiel ferantwurde doel om op yn te setten yn de kommende jierren.

It Frysk wurdt ek *online* sichter makke troch de kampanje *Praat mar Frysk* fan de Afûk. Se meitsje minsken, en benammen ek de jongerein, der bewust fan dat Frysk brûke op sosjale media mei. Se hawwe dêrmei in spontane en groeiende taalmienskip kreëarre dy't Friezen mei-inoar ferbynt. De oprop fan *Praat mar Frysk* om mei te dwaan oan myn nij ûndersyk nei taalgebrûk fan Friezen op sosjale media, hat dêrom in ferskaat oan reaksjes opsmiten: net allinnich ynweners fan Dokkum en Wommels follen de enkête yn, mar ek in soad Friezen om utens diene mei. Op 'en nij kin ik dêrom sizze dat it Frysk ferbynt, ek op Facebook en Twitter.

It Frysk sil yn de digitale wrâld net útstjerre

Konkludearjend: it ûndersyk toant oan dat it Frysk yn 'e digitale wrâld net útstjerre sil. Mar, der binne wol in tal kanttekenings by te pleatsen. Troch de jongelju dy't yn it Frysk grutbrocht binne, wurdt it Frysk reedlik faak brûkt, mar yn trochsneed wint it Nederlânsk it, ek by dy groep, op alle fronten: it wurdt op elts medium en by alle soarten berjochten mear brûkt. Fierder kinne wy ús ôffreegje yn hoefier't der in ferlies fan taalfeardigens plakfynt: de measte jongelju skriuwe it Frysk foneytysk. Se staverje net goed of fine it net nedich om goed staverje te kinnen. Ek harren beheinde wurdskat en it brûken fan Hollânske farianten fan wurden dy't ek yn it Frysk besteane, soargje foar in ferienfâldiging fan de taal. Ta beslút leit it gefaar fan ferlies fan prestiizje op 'e loer: ek al hawwe de measte Frysktalige jonge minsken in positive hâlding foar it Frysk oer, de trochsneed hâlding fan harren Nederlânsktalige kammeraten is in stik negativer. As dat yn Fryslân de oerhân kriget, kin dat fiergeande konsekwinsjes hawwe.

It Frysk ferbynt, ek op ynternet. By guon binne dat nije ferbinings, by jongerein sil it foaral gean om de ferbinings mei besteande kontakten te ferstevigjen. Dat sa'n grut part fan de Frysktalige jongelju derfoar kiest om Frysk te brûken en net massaal op it Nederlânsk oergiet, soe wolris it ferskil betsjutte kinne foar it oerlibjen fan de Fryske taal, mei of sûnder breedtekens.

De Frysktalige Wikipedia

Cor Jousma

De WikipedY – de Wikipedia yn de Fryske taal – is in frije ensyklopedy dêr't eltsenien syn of har witten – op hokfoar mêd dan ek – diele kin mei oaren. Hy telt op dit stuit al sa'n ienentritich tûzen wikys yn it Frysk!

Efkes buorkje

Graach soe ik no in skoftke mei jo buorkje wolle, om jo sa yn de kunde komme te litten mei it hoe en it het fan de Frysktalige Wikipedia. Fiele jo josels net al te thús op it ynternet, dan is der grif wol immen dy't soks tegearre mei jo ris by de ein hawwe wol. Jo fine de **WikipedY** op it folgjende webadres: <http://fy.wikipedia.org>.

Yn de sykfunksje tikje jo no: List fan gebouwen mei ringlieding en dêrmei ferskynt der in wiky mei dêryn de alfabetyske list fan alle doarpen en stêden yn Fryslân. Kies as foarbyld de stêd Snits. Dan komme jo by in ferskaat oan gebouwen yn Snits dy't in ringlieding foar de lju dy't wat dôf (staf of minhearrend) binne.

De *blauwe wurden* (hjiir *skeanprinte*) – ek it foarste *ringliedings* – kinne jo oanklikke en dan sjogge jo op 'en nij in wiky mei ynformaasje. Dan laat sa'n plaknamme *Snits* bygelyks nei de ynformaasje oer de stêd; *Grutte of Martinytsjerke* bringt jo by it ferhaal oer dy tsjerke; mar ek de ôfkoarting *RK* leveret wer in bydrage oer de roomsk-katolike tsjerke en it begryp *Fermanje* seit himsels. Binnenyn de wikys kinne jo fia de blauwe wurden op 'en nij fierder gean nei hieliten wer oare ynformaasje ensfh. Witte jo noch mear gebouwen mei ringlieding en steane dy net op de list, dan kinne jo dy fia de funksje '*wizigje*' – boppe-oan de wiky – ienfâldich oanfolje. Frijwilligers fan de Wikipedia sjogge der wol op ta, dat ek it trochklikken wurket. Jo meie ien en oar fansels ek wol oan de skriuwer trochjaan [towufry@tele2.nl].

No in foarbyld op in hiel oar mêd. By it ferstjerren fan in muoike fan 'e frou krigen wy te hearren, dat se as finzene yn in konsintraasjekamp by it prachtige stedsje Wernigerode yn de Dútske Harz sitten hie. In jier letter hawwe wy tegearre de oerbliuwsels fan it kamp – no betinkplak – besjoen en ûnder *Wernigerode* haw ik ien en oar oer dat kamp

yn ús eigen taal skreaun. Underoan dy wiky fine jo ‘keppelings om utens’ en yn ’e balke de mooglike *katogoryen* om fierder troch te klikken. De earste keppeling laat nei it Dútsktalige webstek fan de frijwilligers út de stêd Wernigerode dy’t soargje dat it kamp tagonklik bliuwt. De twadde nei in kaart-sje foar as jo ris yn ’e Harz tahâlde. Jo sjogge de *blauwe tekst* ropt hieltiten wer wikys op.

De wearde fan de Fryske Wikipedia

Mei twa foarbylden, it iene tichteby en it oare wat fierder fuort, haw ik besocht om jo de wearde fan de Fryske Wikipedia foar ús taal sjen te litten. Oer hieltiten wer nije ûnderwerpen wurde wikys oanmakke. Mist der in mêd, dan stiet it jo frij om dat ta te heakjen. Dêrmei wurdt ús taal ek ris foar dy hoeken en hernen brûkt en útdage dy’t no faken lizzen bliuwe. It beheint him hjir net langer ta in roman, in dichtwurk of in stik yn ’e krante oer in prachtich iepenloftspul. Boppedat sykje de frijwilligers fan de **Wikipedy** dêrby nei oersettings en somtiden ek nijfoarmings foar begripen en ûnderwerpen dêr’t earder nea oer skreaun waard. Sels behein ik my ta de saken dy’t mei kompjûters ensfh. te krijen hawwe en út en troch ris in ûnderwerp dat op myn paad komt. Dêrnjonken sykje ik nei bonkjes dy’t de bêste staveringshifker no ienris net fine kin.



Wat kinne jo dwaan?

Earder gie pake mei de pakesizzers it lân yn, mar no sitte dy ferhipte bern fansels altiten en ivich efter de kompjûter. Ja, sterker noch, ek dy ferhipte pakes en de beppes sitte gauris efter dat ding. Earder learden mar in pear bern fan pake of beppe oer greidefûgels of oar soarte fan saken en no kinne dy pake en beppe oan elts dy’t it Frysk beneikomme kin, syn of har witten kwyt. Miskien hawwe jo wol kennis fan in netaldendeiske taal. Dan kinne jo út de wikys yn dy taal wer ynformaasje oerbringe nei de Frysktalige wikys en ûnderskiedt de Fryske Wikipedia him dêrmei fan de Nederlânske ... Hâlde jo net safolle fan fertellen, mar hawwe jo winters wat tiid oer, sykje dan mei oare frijwilligers de bonkjes út de Frysktalige Wikipedia. De learlingen dy’t sprekbeurten of presintaasjes meitsje moatte en de skoalmasters dy’t each foar it Frysk hawwe, sille der bliid mei wêze.

Kolofon

Wy binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it maartnûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 febrewaris.

Samplers: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Wykwei 4, 8434 PG WASKEMAR; digitale kopij, abma.g@upcmail.nl Fêste meiwurkers: dr. Bertus Jans Postma, drs. Sytze T. Hiemstra, Ed Knotter en Rommert Tjeerdsma. Korreksje: S.T. Hiemstra en E. Knotter. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

Einredaksje

dr. Gerben Abma (haadsamler)
Plantage Doklaan 13
1018 CM AMSTERDAM.

E-post

abma.g@upcmail.nl

Postadres

Jongfryske Mienskip,
Postbus 719,
8440 AS IT HEARRENFEAN.

Webstek


www.jongfryskemienskip.com

E-postadres

jongfryskemienskip@gmail.com

Bankrekken

NL92 INGB 0001 0695 35
op namme fan:
Jongfryske Mienskip, It Hearrenfean



Fan boppen, mei de klok mei: De kartûn fan Ed Knotter. Tom Dykstra iepenet de betinking. It Krite Koar Lelystêd. Lysbeth Jongbloed en Bruno Rummler.

